

# Frijbûtser

Moanneblêd fan de FNP

febrewaris 2017, nûmer 449

## Gjin dongpardon by natuerynklusive lânbou

It giet yn in rap tempo hieltyd minder mei de biodiversiteit. Dat hat alles te krijen mei de klimaatferoaring en de útputting fan de ierde troch de minsken mei-inoar. Troch it brûken fan fossile brânstoffen foar ús enerzjy wurdt koaldioksïde útstjitten. Dêrtroch wurdt de ierde opwaarme. Net omdoch wie 2016 it waarmste jier sûnt 1850 – it begjin fan de waarnimmingsen – neidat de jierren 2014 en 2015 dat rekôr ek al helle hiene. Foar natuer en lânskip wie 2016 dan ek in tige min jier.



Noch nea wie de molkeproduksje (14,3 miljard kilo yn Nederlân) sa heech en de greidefûgelstân sa leech. Om fierdere efterútgong fan de greidefûgels te kearen, bepleitsje hieltyd mear partijen yn Fryslân ‘natuerynklusive lânbou’. Dat is neffens my allinnich mooglik by biologysk buorkjen. Underwilens dogge de polityk, op oanstean fan de suvelyndustry, banken, feefoer- en keunstdongyndustry en de LTO, alle war om de derogaasje (of *dongpardon*, sa’t de Ljouwerter krante okkerdeis foarstelde) yn stân te hâlden. Dat hâldt yn dat wy fan de EU by útsûndering sa’n fyftich persint mear dong útride meie as wittenskiplik ferantwurde is. Dêrtroch meie wy – mear as oaren – ús gea fersmoargje.

**Kollum  
fan de  
foarsitter**

Neffens my is dat dongpardon de deastek foar ús biodiversiteit. Sa’n útspraak komt yn in agraryske provinsje as Fryslân fansels oer as ‘flokken yn tsjerke’, mar it giet om folle mear as fûgeltsjes, plantsjes en bistjes. Troch it oerbedongjen wurde fosfaat en stikstof nei it djippe grûnwetter spield. Dat is lykwols ús drinkwetter. De yntinsive feehâlderij soarget ek foar it útstjitten fan ‘fynstof’; dat is tige min foar de sûnens. En wat te tinken fan it rynske brûken fan bestridingsmiddels en antibioatika? Sûnt oardel jier kom ik elke moanne yn it Sikehûs fan Drachten. Alle kearen freget de ferpleechster oft ik yn de ôfrûne tiid yn kontakt west haw mei de bioyndustry. Doe’t ik ris sei “en as ik no ja sizze soe, wat bart der dan?” sei se dat ik dan yn karantêne, allinnich op in keamer, kaam te lizzen en troch in ferpleechster yn spesjale klean fersoarge wurde moast, oant dúdlik wie dat ik frij wie fan de MRSA-baktearje. Wêr binne wy mei dwaande? Anst freegje se ek noch oft wy yn in stâl west hawwe mei twahûndert melke kij dy’t nea bûten komme, of by in geiteboer, mei it each op Q-koartsbesmetting.

Ut jierrenlang ûndersyk is dúdlik wurden dat wy in goede greidefûgelstân oerein hâlde kinne by in heger wetterpeil, mei wetter yn ’e greppels en in krûderige begroeiing. Dat is yndied minder yntinsyf en soe biologysk wêze moatte. It is in yllúzje om te tinken dat wy soks yn hiel Fryslân wer ynfierre kinne. It feangreidegebiet fan súdwestlik Fryslân lient him dêr neffens my it bêste foar. Dan soe der Europeeske stipe komme moatte foar minder yntinsyf buorkjen, neffens in saneamde ‘Feanboereregeling’ (as opfolger fan de Bergboereregeling út it ferline). Dan krigen wy in gebiet dat mei duorsum bebuorkjen streekprodukten oplevere dy’t folle mear smaak hawwe en sûner binne. Boppedat snijt it mes oan beide kanten, omdat it minder útstjit fan koaldioksïde út it fean feroarsaket. Brussel stipet Ierlân finansjeel by it behâlden fan de biodiversiteit en it ferminderjen fan de útstjit fan broeikasgassen út de romrofte Ierske Feanen. Dat soe by ús ek sa moatte. Neffens my moat de FNP wurk meitsje fan de ynrjochting fan ús feangreidegebiet as greidefûgelgebiet en him útsprekke foar mear stipe oan de biologyske lânbou.

**Ultsje Hosper**

## Fan it haadbestjoer

### Goede Nijjergearsit

Op sneon 14 jannewaris hiene wy ús Nijjergearsit yn restaurant Old Dutch yn De Westereen, organisearre troch de FNP-ôfdieling Dantumadiel. Dy soe op sneon 7 jannewaris holden wurde, mar waard yn ferbân mei glêde diken in wike ferskood. Nettsjinsteande it tidige omtinken dat yn de parse jûn wie oan de ferskowing, kamen dochs noch fiif leden fergees opdaagjen. It wie op 14 jannewaris in noflikke gearsit mei in grutte opkomst yn in moaie seal mei in goed rinnend programma. Alle wurdearring foar de ôfdieling Dantumadiel!

De organisaasje fan de middei wie by riedslid Corrie Ludema-van der Valk yn goede hannen. Yn it iepeningswurde joech FNP-wethâlder Emke Peterson oan dat der troch de lytse ôfdieling Dantumadiel hiel wat úteinset wurdt. Foar de gemeenteriedsferkiezingen fan 2014 wie der fan de FNP yn Dantumadiel net folle oer. Mar mei in aktyf bestjoer, in treflik ferkiezingsresultaat en it dielnimmen yn it Kolleezje fan B&W, is de ôfdieling no wer sa libben as in hart.

Foarsitter Ultsje Hosper referearre yn syn taspraak oan it geweld, syn soarch oer de klimaatferoaring en de efterútging fan de biodiversiteit yn 2016. Ynternasjonaal sjoen wie 2016 in tige gewelddiedich jier mei in protte oanslaggen, wylst Syrië sa sûntsjesoan folslein kapot sketten is. Dêr dogge wy neffens de foarsitter allegearre oan mei, want net om 'e nocht hat ús OSF-senator ek ynstimd mei it bombardearjen fan Syrië. En dan kin wol it doel wêze om allinnich IS (Islamityske Steat) te reitsjen, mar woestynoarloffen en fjildslaggen, lykas yn de Twadde Wrâldoarloch, binne út 'e tiid. Yn dizze tiid fan sateliten en drones spilet de oarloch him ôf yn de grutte stêden mei hûnderttûzenen oant miljoenen ynweners. Dy wurde folslein plat bombardearre, ynklusyf de befolking. Dan is it dochs ek gjin wûnder dat hûnderttûzenen Syrryske flechtlingen in feilich hinnekommen sykje yn Europa? Hooplik wurdt 2017 in freedsumer jier.

Lykas wenst waarden op de Nijjergearsit troch de FNP-Dantumadiel de Fryske Natuer- en Miljeupriis en de Sulveren Fyts útrikt. Natuerboer Romke Kinderman fan Feanwâlden mocht dit jier de earste yn ûntfangst nimme fan wethâlder Emke Peterson. De priis, dy't út in beam en in oarkonde bestiet, waard Kinderman takend foar syn positive bydrage oan it behâld en it fuortsterkjen fan de Fryske natuer en in skjin miljeu. De Sulveren Fyts is dit jier takend oan de WV Otto Ebbens út De Westereen foar it jierrenlang krewearjen foar de fytssport, foar amateurs likegoed as

professionals. Foarsitter Jan Dupon naam de priis, besteande út in oarkonde en sulveren fytske, fan wethâlder Peterson yn ûntfangst.

Us polityk lieder Corlienke de Jong gie yn har taspraak wiidweidich yn op de Fryske identiteit. Der is in soad diskusje oer wat eins identiteit is. Neffens it wurdboek is it de wize wêrop't wy ús

selsbewustwêzen stal jouwe, as yndividu, as minske en ek as sosjale groep. Neffens Corlienke leit identiteit net fêst, mar feroaret dy hieltyd min ofte mear. It wichtichste elemint dat ús hjoed-de-dei bynt, dêr't wy oan werom te kennen binne en dat foar in Fryske identiteit soarget, is de Fryske taal. It giet by identiteit om wat je dermei dogge. Earst dan, troch it bewust brûken fan it Frysk, wurdt dat in part fan in libbene identiteit. En krekt dat wichtige elemint dat ús in eigen identiteit jout, litte wy fersloere.

No kin it jim, neffens Corlienke, net ûntkommen wêze dat it Frysk de lêste tiid nochal yn it nijs wie. De teneur fan de berjochtjouwing is dat it mei ús taal fiif foar tolven is. Dat we hieltyd minder Frysk prate, dat ús bern net goed Fryske les op skoalle krije, dat de Friezen de taal net brûke en dat Frysktalige âlden harren bern yn it Nederlânsk opfiede. As dat sa trochgiet, giet ús taal, nettsjinsteande dat de Provinsje Fryslân 21 miljoen euro frijmakke hat foar de Fryske taal en kultuer, nei de barbysjes. Neffens Corlienke kinne wy dat lykwols opkeare as alle basisskoallen yn Fryslân meartalich wurde. Yn it fuortset ûnderwiis soe it fak Frysk in fêst plak yn de ûnderbou krije moatte, om it yn de boppebou as karfak oan te bieden. De FNP giet foar kwaliteit en effektiviteit fan it ûnderwiis ynsteed fan de klam te lizzen op ûntheffingen. It Frysk moat in fêst plak op alle skoallen yn Fryslân krije.

Der wie ien minpuntsje: de minsken dy't as lêsten oan it waarm miel soene, fûnen de hûn yn 'e pot. Mar dêr koe de ôfdieling Dantumadiel neat oan dwaan.

**Ultsje Hosper**

## Ynstjoerd

### De minske

Der wurdt gauris sein 'de minsklike mjitte'. In moai foarbyld is neffens my it ferkear. Jo meie net hurder ride as hûndert kilomater yn 'e oere, sadat dy oare ek feilich thúskomme kin. In streek midden op 'e dyk, elk de helte. No, sûnder middenstreek, binne diken startbanen wurden. Der wurdt mear praten oer feilichheid as oer ekonomy. Jo meie sels kieze, mei de fyts de dyk út, de kadet of de mercedes, mar jo moatte ek sels betelje. De fyts de griene boer, de kadet de gewoane, de mercedes de moderne boer. De LTO en guon politike partijen roppe dan: "Minder burokrasy." Dat betsjut dat dy boeren dy't buorkje ûnder it optium, gjin papier hoege yn te foljen. Minsken dyt't har net behearskje kinne op 'e dyk (lânbou), dêr sit de plysje efteroan en de rjochter en krije sa mei it papier te dwaan.

Sa ek mei it Fiihûsgemaal. It kostet hannen fol jild. Wat ha de minske deroan? Lis ûnder Harns in pear grutte buizen ûnder de seedyk troch mei ebdoarren. Dan kinne je by eb ôfstreame, kinne de fisken frij fan sâlt nei swiet wetter streame en oarsoam. De fearten tusken Frjentsjer en Boalsert yn oarder meitsje, sadat de fisken mear romte ha en it wetter libben. De minsken kinne dan simmerdei mei in boatsje Fryslân yn farre en winters ride. FNP, besykje mear oandacht te jaan oan it minsklik wolwêzen.

**Hessel Bouma, Turns**



## Fan de steatefraksje

### FNP tige ynnommen mei Arno Brok

De Steatefraksje fan de FNP is út 'e skroeven mei Arno Brok as nije kommissaris fan de Kening foar Fryslân. Neffens de FNP hat Brok hert foar Fryslân en is er Fries mei de Friezen. Earder hat er dat al sjen litten as wethâlder fan Ljouwert en boargemaster fan Snits.

Brok hat ek de 'Fear' krige fan de Ried fan de Fryske Beweging foar syn foarlûkersrol op it mêd fan de Fryske taal en kultuer. Brok stiet tusken de minsken, is autentyk en dreaun om as ferbiner Fryslân noch mear op 'e kaart te setten. Fraksjefoarsitter Corlienke de Jong: "Ik sjoch der nei út om mei Brok gear te wurkjen oan in noch moaier en sterker Fryslân. In boppeslach!"

### Aksje foar Frysk ûnderwiis is stipe yn 'e rêch

Us bern fertsjinje it om op te groeien mei de rykdom fan meartaligens. De aksje foar it Frysk op skoalle is dêrom in stipe yn 'e rêch foar de polityk om bliuwend te ynvestearjen yn effektyf ûnderwiis. Sokke aksjes meitsje dúdlik dat der in reëel maatskiplik ferlet is. De FNP stiet dêr dan ek folslein efter.

FNP-wurdfierder ûnderwiis Corlienke de Jong is fan betinken dat kritisy en kollega-steateleden yn PS folslein gelyk hawwe dat de wetlik regele Fryske lessen oant no ta net effektyf genôch west hawwe. Mar de ôfrûne desennia binne perfoarst wol stappen foarútset mei it Frysk. Benammen op it mêd fan wetjouwing, lesmetoaden, digitale learomjouwingen, ûnôfhinklike toetsing, learlingfolchsystemen, it tal trijetalige skoallen en pjutteboartersplakken. De Provinsje hat dêr de ôfrûne jierren in hiel soad tiid en jild yn stutsen. Lykas mei it Deltaplan Frysk.

### Effekt Fryske lessen op skoalle net genôch

De FNP stelt lykwols mei de kritisy fêst dat op it op it mêd fan effektiviteit en ûnderwiis-ynspeksje te min konkrete resultaten te sjen binne. Leare de bern wol echt Frysk lêzen, skriuwen en sprekken? Wurdt der al genôch serieuus toetst? Wannear sil de ûnderwiisynspeksje wer begjinne mei it hifkjen fan skoallen op it Frysk? Der is eins ek te min mjitbere ynformaasje foar de Steaten om te sjen oft de learlingen ek echt foarút buorkje.

De Jong hopet mei it ûnderwiis sels, mei oare maatskiplike partners en mei de Fryske polityk no mei faasje folgjende stappen te setten. De FNP hat krekt antwurd krige op syn skriftlike fragen oan DS oer it Taalplan Frysk. Dat blykt in needsaaklike ynventarisasje te wêzen om as in soarte fan nul-mjitting de stân fan saken op de skoallen yn kaart te bringen. De FNP soe graach sjen dat dêrby net it regeljen fan in ûntheffing mar de konkrete ferbettering fan it ûnderwiis yn it Frysk sintraal komt te stean.

### Dúdlikens oer kosten SNN

De Steatefraksje fan de FNP wol helderheid hawwe oer de kosten fan it Evenemintefûns fan SNN yn 2017 en de evaluaasje oer it ôfrûne jier. Wurdfierder Sybren Posthumus wol dat de evaluaasje oer it ôfrûne jier (2016) nei de Steaten fan Fryslân tastjoerd wurdt. Dan kin hooplik in goed byld ûntstean wat it evenemintebudzjet fan SNN no wol of net

foar Fryslân opsmitten hat en wat it netto-effekt west hat foar de Fryske ekonomy.

De FNP is kritysk oer it evenemintefûns, om't yn de Steaten fan Fryslân op 25 maaie 2016 ôfsprutsen is dat de ferheging fan it budzjet foar SNN net mear wêze mei as it accrespersintaazje (1,13% yn 2017). It saneamde 'accres' is de ferheging fan de bydrage fan it Ryk dy't gemeenten en provinsjes alle jierren krije. Mei ekstra bydragen foar bygelyks eveneminten komt it dan al gau boppe it ôfsprutsen accres út. Fierder wol de FNP witte op hokfoar kriteria it Kolleezje fan Fryslân besletten hat om de bydrage te ferlingjen en oft dy ekstra bydrage no ek struktureel is. Yn syn algemienens fynt de FNP dat de transparânsje by en oer SNN net goed is. Op de website fan SNN binne de wurklisten en ferslaggen lestich te finen en wat der stiet is somtiden slim efterhelle. It koarte berjocht oer it evenemintebudzjet kaam fia in Nijsbrief nei bûten. Sûnder ekstra fragen fan de Steateleden (lês: de FNP) is de kontrolearjende funksje oer SNN sa net goed út te oefenjen.

### Breedbânynternet

De FNP-fraksje hat in aktive bydrage levere oan it punt breedbânynternet yn de Steaten. Op ús fersyk binne saakkundigen en boargerinisyntiven út oare provinsjes befrege yn in saneamde ekspertmoeting op it Provinsjehûs. Dêrneist hat de fraksje op ynternet-wurkbesite west yn Drinte (Roderwolde). Mei suksesfolle lokale inisyntiven wurdt dielname heger en de kosten leger, sa docht bliken. De Provinsje kin dat stimulearje. Fan ûnderen op dus! De FNP hat yn de Steaten mei klam frege om in dekkingspersintaazje fan 100% yn de wite gebieten as doel te stellen. En om perfoarst de besteande lokale inisyntiven in aktive rol te jaan yn de nije glêstriedplannen.



### Strukturele bydrage Omrop Fryslân

De Steaten hawwe yn desimber ynstimd mei in strukturele bydrage foar Omrop Fryslân fan € 655.800 it jier. De betingst is dat it jild brûkt wurdt foar de Frysktalige programmearring en net foar it dekken fan bedriuwsfieringskosten. Sa stiet it yn de nije Bestjoersôfspraken Fryske Taal en Kultuer 2016. Om't de Provinsje no oer de brêge komt, binne tagelyk de bydragen fan it Ryk feilichsteld. De Frysktalige Omrop hat en hâldt troch de nije bestjoersôfspraken in aparte posysje yn it mediabestel.

# Frijbûtsjer

## FNP-adressen

**FNP-Hûs**, Obrechtstrjitte 32, 8916 EN Ljouwert

Antwurdnûmer 5034, 8900 VB Ljouwert

(058) 213 14 22, [fnphus@fnp.frl](mailto:fnphus@fnp.frl)

Buro: Tjibbe Brinkman, Twizel

(0511) 54 22 73, [tjibbe.brinkman@fnp.frl](mailto:tjibbe.brinkman@fnp.frl)

**It FNP-hûs is iepen op tiisdeis en tongersdeis**

**fan 10.00 oant 14.00 oere**

Bankrekken: NL21 RABO 0305 0145 28

Ynternet: [www.fnp.frl](http://www.fnp.frl)

## HAADBESTJOER

**Ultsje Hosper**, Oerterp (foarsitter)

(0512) 30 23 73, [ultsje.hosper@fnp.frl](mailto:ultsje.hosper@fnp.frl)

**Jehannes Elzinga**, Frjentsjer (skriuwer)

(0517) 23 45 24, [jehannes.elzinga@fnp.frl](mailto:jehannes.elzinga@fnp.frl)

**Eddie de Vries**, Drachten (pongêlder)

(0512) 52 53 92/(06) 5533 1717, [eddie.de.vries@fnp.frl](mailto:eddie.de.vries@fnp.frl)

**Jaap Cuperus**, Dokkum

(06) 2245 8322, [jaap.cuperus@fnp.frl](mailto:jaap.cuperus@fnp.frl)

**Jetske Lysbeth de Groot**, Drachten

(0512) 52 19 92, [jetske.lysbeth.de.groot@fnp.frl](mailto:jetske.lysbeth.de.groot@fnp.frl)

**Hylke Heidstra**, De Westereen

(06) 1808 3059, [hylke.heidstra@fnp.frl](mailto:hylke.heidstra@fnp.frl)

**Jan Lammers**, It Surhústerfean

(0512) 36 07 70/(06) 3078 0396, [jan.lammers@fnp.frl](mailto:jan.lammers@fnp.frl)

**Cees Nieboer**, Tsjerkwert

(0515) 57 96 57, [cees.nieboer@fnp.frl](mailto:cees.nieboer@fnp.frl)

## REDAKSJE FRIJBÛTSJER

**Harry van Borkulo**, Hurdegaryp; **Jan Breimer**, Grou;

**Ultsje Hosper**, Oerterp; **Jitske Zaadstra**, Turns

**Kopij**: p/a FNP-hûs; e-post: [frijb.ynfo@fnp.frl](mailto:frijb.ynfo@fnp.frl)

## STEATEFRAKSJE

p/a Provinsjehûs, (058) 292 58 03, [fnp@fryslan.frl](mailto:fnp@fryslan.frl)

**Wietske Poelman**, fraksjemeiwurkster

**Yde Dijkstra**, beliedsmeiwurker

**Corlienke de Jong**, Jutryp (foarsitter)

(06) 2201 9066, [c.dejong@fryslan.frl](mailto:c.dejong@fryslan.frl)

**Sybre Posthumus**, Reduzum

(0566) 60 29 28/(06) 3022 6684, [s.posthumus@fryslan.frl](mailto:s.posthumus@fryslan.frl)

**Wopke Veenstra**, Boelensloane

(0512) 34 27 70, [w.veenstra@fryslan.frl](mailto:w.veenstra@fryslan.frl)

**Klaas Fokkinga**, Nes (D)

(06) 2003 3581, [k.fokkinga@fryslan.frl](mailto:k.fokkinga@fryslan.frl)

**Rein van der Wal**, It Surhústerfean (earste opfolger)

(0512) 77 62 11/(06) 5538 6539, [rein.van.der.wal@fnp.frl](mailto:rein.van.der.wal@fnp.frl)

## DEPUTEARRE

**Johannes Kramer**, Sibrandabuorren

(06) 1561 2055, [j.kramer@fryslan.frl](mailto:j.kramer@fryslan.frl)

## WETTERSKIPSFRAKSJE

**Sake van der Meer**, Koatstertille (foarsitter)

(06) 2325 0619, [sake.van.der.meer@fnp.frl](mailto:sake.van.der.meer@fnp.frl)

**Jan van der Kooi**, Ryptsjerk

(06) 2862 5813, [jan.van.der.kooi@fnp.frl](mailto:jan.van.der.kooi@fnp.frl)

## EARSTE KEAMER (OSF)

**Hindrik ten Hoeve**, Stiens

(058) 257 34 47, [hendriktenhoeve@osfractie.nl](mailto:hendriktenhoeve@osfractie.nl)

**FNP-JONGEREIN** – Ynternet: [www.fnpj.frl](http://www.fnpj.frl)

Sytze Kobus, Garyp, kontaktpersoan

(06) 4631 8234, [jongerein@fnp.frl](mailto:jongerein@fnp.frl)

## Bûsboekje

### Febrewaris

20 Deistich bestjoer

21 Kopij *Frijbûtsjer* 450 ynleverje

27 Haadbestjoer

### Maart

3 *Frijbûtsjer* 450 komt út.

Ek te sjen op [www.fnp.frl/Organisaasje](http://www.fnp.frl/Organisaasje) - kontakt ▼



Retoeradres: FRL Post, Swettestrjitte 31, 8912 AV LJOUWERT

## Ynhâld fan dit nûmer

Side 1 Gjin dongpardon by natueryntinsive lânbou

Side 2 *Fan it haadbestjoer*  
- Goede Nijjiersgearsit  
*Ynstjoerd*  
- De minske

Side 3 *Fan de steatefraksje*  
- FNP tige ynnommen mei Arno Brok  
- Aksje foar Fryk ûnderwiis is stipe yn 'e rêch  
- Dúdlikens oer kosten SNN  
- Breedbânynترنت  
- Strukturele bydrage Omrop Fryslân

Side 4 - Kolofon  
- Bûsboekje